

Aan de voorzitter van de Tweede Kamer der Staten Generaal  
Postbus 20018  
2500 EA DEN HAAG

Us referinsje  
307892

Taheakken  
1

Datum 30 juni 2011

Underwerp kabinetsreaksje Frysk: rapport fan de ûnderwiisynspeksje en rapport fan de stjoergroep Hoekstra

### **§1. It moat better! It kin better!**

Dit brief giet oer it ûnderwiis fan it fak 'Frysk'. Wy stelle út om mei-inoar oan de slach te gean om de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk te fersterkjen. Want hoewol't in protte Fryske skoallen harren ynspanne foar it fak Frysk, kin it ûnderwiis yn dy taal better. Dat docht bliken út it rapport fan de ûnderwiisynspeksje dat op 24 novimber publisearre is.<sup>1</sup> Der wurdt foar it fak Frysk net folle toetst en it ûnderwiis Frysk slút net goed oan by it ferlet fan de learlingen. Yn paragraaf twa lêze jo mear oer ús útstellen om de situaasje te ferbetterjen.

Dêrneist hat de stjoergroep-Hoekstra syn rapport útbrocht oer it fak Frysk. Dat rapport hawwe jo krigen op 9 maart (Keamerstik 32500-VII, nû. 88). De stjoergroep beskriuwt ûnder mear de mooglikheden foar desintralisaasje fan foegen oangeande de keardoelen foar it fak Frysk. Yn paragraaf 3 beskriuwe wy ús útwurking fan it advys, meidat Fryslân en de Fryske skoallen maksimale romte krije by it opstellen en neilibjen fan de keardoelen.

De reden foar ús ynspanningen is dat it Frysk in spesifike posysje ynnimt as twadde offisjele taal njonken it Nederlânsk yn de provinsje Fryslân. It kabinet ûnderstreket dêrom ek de ôfspraken dy't makke binne yn it '*Europeesk hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden*' en it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden.

Mei Fryslân stean wy foar de útdaging om it ûnderwiis fan it Frysk te ferbetterjen. De prioriteiten foar ûnderwiis fan it kabinet binne helder: de basis op oarder, de latte omheech. Mei de bredere ûnderwiiskwaliteit giet it yn Fryslân hieltyd better. No noch it ûnderwiis yn it fak Frysk. Wy sette derop yn dat de learlingen harren ek yn dat fak optimaal ûntjouwe. Sadwaande wurde se sa goed mooglik taret op in mienskip dêr't beide talen, it Nederlânsk en it Frysk, in wichtige rol spylje yn it publike domein.

---

<sup>1</sup> Dat rapport is jo Keamer tastjoerd op 24 novimber 2010, jo kenmerk 31293/83 en 31289/83

## **§2. Needsaak foar fokus op de ûnderwiiskwaliteit fan it fak Frysk**

It ûnderwiis yn it fak Frysk kin better, konstearre de Ynspeksje fan it Underwiis al yn 2001 en 2006. De ynspeksje die doe, yn it ramt fan de 'Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer', ûndersyk nei de kwaliteit fan it ûnderwiis yn dat fak.

### **§2.1 Ekstra ynspanningen fan de ôfrûne jierren**

De ôfrûne jierren binne flinke ynspanningen levere troch it ryk en de provinsje om de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Frysk yn Fryslân te ferbetterjen. Neist de sawat €1 miljoen euro dy't de provinsje jierliks kriget om de Fryske taal te fersterkjen, meitsje leararen gebrûk fan de leararebeurs om harren feardichheden yn it Frysk te ferbetterjen. Boppedat hat OCW foar 2010-2012 jierliks €100.000 ekstra beskikber steld oan de Fryske hegeskoallen om leararen op te liden yn it fak Frysk. Fryslân sels hat ûnder oaren ynset op it ûntwikkeljen fan in metoade dy't oanslút by de keardoelen Frysk (*Studio F*). Yn 'e mande mei it fjild wurket de provinsje Fryslân op it stuit oan it oprjochtsjen en sertifisearjen fan trijetalige skoallen; yn dy skoallen wurdt gebrûk makke fan it Frysk, Nederlânsk en Ingelsk as ynstruksjetaal. Op dit stuit binne 39 skoallen yn Fryslân sertifisearre as trijetalige skoallen. Neffens de ynspeksje meitsje dy skoallen sawat twa oant trije kear safolle oeren foar it fak Frysk as de net-trijetalige skoallen. De prestaasjes foar Frysk binne better as yn trochsneed, sûnder dat de prestaasjes foar oare fakken derûnder lije. De kosten foar dat ûnderwiis binne heger as foar reguliere skoallen.

### **§2.2. Resultaat sichtber, mar net yn de klasse**

De Ynspeksje fan it Underwiis stelt yn syn rapport<sup>2</sup> fêst dat de rânebetingsten foar it fak Frysk troch dy ynspanningen ferbettere binne. Mear skoallen as foarhinne brûke in metoade dy't rjochte is op de keardoelen foar it fak Frysk en mear skoallen as foarhinne hawwe in taalkoördinator oansteld.

Ofsjoen fan de trijetalige skoallen dy't hjirfoar neamd binne, liedt dat yn de klasse lykwols ta minder foarútgong as op grûn dêrfan ferwachte wurde soe. Noch altyd hawwe mar in bytsje leararen it foech om it fak Frysk te jaan. It ûnderwiis wurdt noch net folle oanpast oan de ferskillen tusken learlingen. Wylst dy ferskillen der dúdlik binne; guon learlingen komme út húshâldingen dêr't benammen Frysk praat wurdt, oaren net. Learlingen wurde ek net genôch toetst; sadwaande wurdt it lestich om it oanbod yn it fak Frysk op it spesifike learferlet fan de learlingen oan te passen. Foar de ynspeksje is it troch it tekoart oan ôfnommen toetsen dreech om fêst te stellen wat de learlingen krekt opstekke fan de lessen yn it Frysk.

Fierder falt trouwens op dat de ynspeksje syn fraachtekens set by it draachflak foar it Frysk. It is neffens de ynspeksje de fraach oft der foldwaande maatskiplike stipe is om it fak Frysk út te wreidzjen op skoalle. De romte foar kwalitative ferbettering fan it fak Frysk is mooglik ek beheind troch dat lege draachflak, sa stelt de ynspeksje. By eintsjebeslút is de passy foar de Fryske taal fan de minsken yn en om de skoalle krúsjaal. De provinsje Fryslân is him bewust fan dy útdaging en it is dan ek de provinsje syn belied om it draachflak foar it Frysk yn it ûnderwiis grutter te meitsjen, lykas ôfpraak is yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (2001).

---

<sup>2</sup> Sjoch dêrfoar it rapport fan de ûnderwiisynspeksje, *De kwaliteit fan it fak Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis yn Fryslân*, (2010). Dat rapport is op 24 novimber 2010 nei jo Keamer stjoerd.

### §2.3 Bredere ûnderwiiskwaliteit ferbetteret wol

Mei de bredere kwaliteit fan it ûnderwiis (dus foar de Nederlânske taal, rekkenjen en oare fakken) yn Fryslân liket it krekt hieltyd better te gean. Om ende by 2007 wiene der yn ferhâlding in soad tige swakke skoallen yn de provinsje: ferhâldingsgewiis sawat seis kear safolle as it lanlik gemiddelde. Om dy situaasje te ferbetterjen hawwe de PO-Ried, it ministearje fan OCW, de ynspeksje, de provinsje en *last but not least* de skoallen sels de ôfrûne jierren de krêften bondele yn it kwaliteitsakkoart Boppeslach. Troch 'twinning' fan goeie skoallieders mei minder goeie skoallieders, it mei klam beskikber stellen fan analyzeteams foar (tige) swakke skoallen en ekstra taal- en rekkenferbettertrajekten hawwe wy mei-inoar de skouders set ûnder ferbettering fan de ûnderwiiskwaliteit yn Fryslân. Dy mienskiplike ynspanningen lykje effekt te sortearjen. Fan de 27 tige swakke skoallen yn 2008 is it tal werombrocht nei fjouwer tige swakke skoallen op 1 maaie 2011. Wy wolle de skoallen dy't harren ferbettere hawwe in fear yn de broek stekke. Dêr is mei man en macht oan wurke, mei ien doel foar eagen: better ûnderwiis foar ús learlingen, it maksimale helje út elk bern. In goed resultaat, en in opstekker foar skoallen dy't der noch oan wurkje. In doelfêste oanpak liedt ta ferbettering.

Mei in fergelykbere doelfêste oanpak foar it Frysk yn it ûnderwiis is ek noch in slach te meitsjen by it ferbetterjen fan de kwaliteit fan it ûnderwiis fan en yn it Frysk.

### §2.4 De basis op oarder foar it ûnderwiis fan Frysk

Mei de Bestjoersôfspraak *Fryske taal en kultuer* (2001) is ôfpraat dat Fryslân ferantwurdlik is foar it belied foar de Fryske taal. Dêrom is de provinsje de earste partij om it draachflak foar it Frysk te fergrutsjen. In sterker draachflak kin, neffens de ynspeksje, bydrage oan sterkere lessen foar Frysk. Foar it 'belied Frysk' kriget de provinsje jierliks €1 miljoen desintralisearre budzjet, lykas ôfpraat yn de bestjoersôfspraak fan 2001.

De provinsje is neffens de ynspeksje ek oan set om syn ûntheffingsbelied út te kristallisearjen en te aktualisearjen. Allinne dan kin de ynspeksje hanthavenje foar it fak Frysk. Dêr wurket de provinsje op dit stuit oan.

Dêrnjonken moatte bekwamens en foegen foar learkrêften yn it basisûnderwiis dúdliker makke wurde. De provinsje hat in rezjyrol om derfoar te soargjen dat de learareopliedingen in leechdrompelich oanbod foar it ferbetterjen fan de bekwamens en it foech foar it Frysk beskikber stelle<sup>3</sup>. Wy hawwe mei de provinsje ôfpraat dat se dêr op 'en nij omtinken oan jaan sille.

De ynspanningen fan de provinsje oangeande Boppeslach rinne troch oant en mei 2015. Dêr boppe-op wolle wy de provinsje stypje by syn belied foar it Frysk. Wy hawwe ôfpraat dat de ynset fan de provinsje, mei ekstra stipe fan it ryk, rjochte wêze sil op toetsen en op de kwaliteit fan leararen.

#### *Konferinsje wurkjen foar rendemint en toetsen*

De ynspeksje advisearret om better gebrûk te meitsjen fan toetsen. Der binne wol toetsen foar it fak Frysk, mar dy wurde noch te min brûkt. Dêrom is de fraach nei it ûntwikkeljen fan metoade-ôfhinklike toetsen noch net oan de oarder: it is wichtiger om no earst it brûken fan de besteande toetsen fanselssprekkender te

---

<sup>3</sup> Sjoch útfieringskonvenant Fryske taal en kultuer 2009

meitsjen. Toetsen meitsje ynsichtlik hoe't learlingen derfoar stean. Dat helpt leararen om it ûnderwiis ôf te stimmen op it ferlet fan learlingen en jout ynsjoch yn it learrendemint. Dy wurkwize neame wy ek wol wurkjen foar rendemint, in wurkwize dy't bewiisd hat effekt te hawwen op hegere learprestaasjes fan learlingen. De ynspeksje jout oan dat de provinsje dêr in rezjyrol yn spylje kin. Om it toetsen en it wurkjen foar rendemint te stimulearjen organisearje wy mei de provinsje in konferinsje foar bestjoerders, skoallieders en leararen oer it brûken fan toetsen en it benutten fan toetsgegevens, spesjaal foar it Frysk.

#### *Leararen: bekwamens Frysk op peil*

De bekwamens by leararen foar it fak Frysk kin en moat better. Lykas fermeld, hawwe wy mei de provinsje ôfpraat dat se wurk meitsje fan easken oan bekwamens en fan opliedingsmooglikheden foar it fak Frysk, neffens de oerienkommen ferdieling fan taken<sup>4</sup>.

Leararen kinne noch altyd gebrûk meitsje fan de leararebeurs om harren bekwamens yn de Fryske taal op in heger nivo te bringen.

Wy sille it omtinken foar it Frysk by leararen yn Fryslân op de neikommende wize fersterkje:

1. Wy litte partners yn it Fryske ûnderwiisfjild spesjale leararedagen organisearje, dêr't wurkjen foar rendemint foar it fak Frysk sintraal yn stiet. Leararen leare mei elkoar yn de eigen konkrete skoalsituaasje it petear te fieren oer opbringsten fan it ûnderwiis en mooglike ferbetteraksjes;
2. Wy freegje mear omtinken foar it Frysk fia de webside foar leararen, [www.leraar24.nl](http://www.leraar24.nl). Ynformaasje oer it fak Frysk kin sa foar in grutte(re) groep leararen tagonklik makke wurde. Yn oerlis mei de provinsje kin oanfoljende ynformaasje en materiaal beskikber steld wurde fia dy webside;
3. By it noch te ûntwikkeljen beropsregister foar learkrêften ferkenne wy de mooglikheden foar it fak Frysk. Yn it beropsregister kinne leararen harsels registrearje as bekwaam en befoege dosint, ynklusyf eventuele oanfoljende kompetinsjes. Wy fersykje de oanbelangjende partijen derfoar te soargjen dat learkrêften harren bekwamens en foegen ek foar it Frysk registrearje kinne.

By de útwurking fan it aksjeprogramma foar ûnderwiis, rjochte op wurkjen foar rendemint, sille wy ek omtinken jaan oan dizze spesifike útdagingen dêr't Fryske skoallen foar stean.

### **§3. Mear sizzenkip fan Fryslân oer keardoelen Frysk**

Neist de kwaliteit fan it ûnderwiis Frysk spilet it fraachstik oangeande it desintralisearjen fan belied foar de Fryske taal fan it ryk nei Fryslân. Dat debat komt fuort út it rapport fan de kommisje-Lodders<sup>5</sup>, dêr't dy desintralisaasje yn bepleite wurdt.

De stjoergroep-Hoekstra hat de opdracht krigen om nei te gean hoe't it belied foar it Frysk desintralisearre wurde kin nei Fryslân ta. De stjoergroep rjochtet syn ûndersyk oer de Fryske taal folslein op de keardoelen fan it ûnderwiis en konkludearret dat desintralisaasje juridysk mooglik is. Dat rapport hawwe jo krigen op 9 maart (jo kenmerk 32500-VII-81/2011D10893).

---

<sup>4</sup> Sjoch Utfieringskonvenant Fryske taal en kultuer 2009

<sup>5</sup> Sjoch 'Ruimte, regie en rekenschap', rapport fan de Mingde kommisje desintralisaasje-útstellen foar provinsjes (2008). De Kommissje advisearret om in kommisje yn te stellen om te ûndersykjen hokker oerheidstaken oangeande de Fryske taal nei de provinsje Fryslân desintralisearre wurde kinne (offisjeel *fertikale delegaasje*).

It prinsipe dat in provinsje, dêr't it Frysk as offisjele taal njonken it Nederlânsk fungearret, sizzenkip kriget oer it belied oangeande dy taal, stypje wy fan herten. Wy wolle it inisjatyf om keardoelen Frysk te feroarjen dan ek by de provinsje Fryslân dellizze.

#### *Garânsjes foar goed ûnderwiisbelied en ûnderwiisfrijheid*

Sa't de stjoergroep ek oanjout, sil desintralisaasje syn beslach krije moatte mei foldwaande garânsjes derby. De stjoergroep neamt twa wichtige betingsten foar desintralisaasje.

#### *Draachflak*

De stjoergroep stelt dat der draachflak by de skoallen wêze moat om de keardoelen te feroarjen. De PO-ried hat yn in brief oan it ministearje fan OCW oanjûn leaver de fokus te lizzen op kwaliteit fan it ûnderwiis as op in útwreiding fan it omtinken foar it Frysk op skoalle. By desintralisaasje fan it foech om keardoelen Frysk fêst te stellen, binne Fryske skoalbestjoeren benaud om yn in spagaat te reitsjen tusken easken dy't de provinsje oan harren stelt en lanlike easken. Om dat foar te kommen, sil in útstel foar nije keardoelen foar it Frysk altyd troch de provinsje ûnderboud wurde moatte mei draachflak by de skoallen.

#### *Balâns yn it kurrikulum*

Dêrneist ornearret de stjoergroep-Hoekstra dat de balâns yn it folsleine ûnderwiisoanbod net oantaast wurde mei.

Kearndoelen foarmje mei-inoar ien gehiel, in útbalansarre basis foar it kurrikulum yn basis- en fuortset ûnderwiis, dat tariede moat op it ferfolchûnderwiis. It feroarjen fan ien fan de keardoelen kin ynfloed útoefenje op de útwurking fan de oare keardoelen, yn bygelyks de ferdieling fan de ûnderwiistiid oer de ûnderskate fakken of it omtinken foar de fakken by deskundichheidsbefoarderding fan learkrêften. Dat hawwe de Fryske skoallen ek oanjûn.

Wy ûnderskriuwe dan ek dat dy garânsjes fan de stjoergroep essinsjele betingsten binne foar desintralisaasje fan de keardoelen.

#### *Kêst 23 Grûnwet*

Yn it ljocht fan kêst 23 fan de Grûnwet is it fan belang om weromhâldend te wêzen by desintralisaasje fan it opstellen fan keardoelen en soks mei soarch te dwaan. It basisbegjinsel fan dat kêst is dat it jaan fan ûnderwiis frij is. Dat ymplisearret ûnder mear in sekere beheining fan de regels dy't oan it ûnderwiis steld wurde kinne. Net foar neat stiet yn it fyfde lid fan it oanbelangjende kêst dat de easken fan deugdlikheid yn de wet regele wurde<sup>6</sup>. By it stellen fan keardoelen hat dêrom altyd in punt fan diskusje west oft se eins net yn de wet regele wurde moatte. Dêrneist jildt dat wy yn soksoarte gefallen, omdat keardoelen gean oer de ynhâld fan it ûnderwiis, ekstra hoeden wêze moatte mei regeljouwing, fanwegen de frijheid fan ûnderwiis.

Om dy redenen moatte wy sekuer en mei soarch omtinken jaan oan de betingsten by it desintralisearjen fan foegen oangeande it opstellen fan keardoelen.

---

<sup>6</sup> Keamerstikken II 1997/98, 22 236 nû. 46, side 3 (nb. neffens dit brief jildt it útgongspunt dat it tafersjoch eksklusyf is foarbehâlden oan de ûnderwiisynspeksje) en sjoch ek Keamerstikken II 1995/96, 24 778, nû. 3, side 9-10. Sjoch ek Keamerstikken II 1990/91, 20 381, nû. 23, side 5.

Dêrom achtsje wy trije oanfoljende betingsten needsaaklik.

1. De ferdieling fan taken en ferantwurdlikheden tusken ryk, provinsje en skoalbestjoeren moat helder bliuwe. It moat foar skoallen, âlders en oare oanbelangjende persoanen en ynstânsjes dúdlik bliuwe by wa't se oanklopje kinne mei fragen of opmerkingen oer it ûnderwiis. It Ryk bliuwt einferantwurdlik foar de yntegrale kwaliteit fan it ûnderwiis en de easken dy't oan skoallen steld wurde.
2. Desintralisaasje fan keardoelen Frysk mei der net ta liede dat Fryske skoallen beheind wurde yn harren bewegingsfrijheid. Skoallen meie gjin ekstra (administrative of oare) lêsten krije troch dûbelde oerheidsbemoenienis. Ek it krijen fan finânsjes mei foar skoallen net yngewikkelder wurde en skoallen moatte dêrfoar net ôfhinklik wurde fan in ekstra oerheidslaach.
3. Keardoelen meitsje it ûnderwiisoanbod foar it parlemint sichtber en kontrolearber. Lykas de kommisje Dijsselbloem stelle wy fêst dat de wetjouwer yn formele sin einferantwurdlik is foar de kearn fan it ûnderwiis en foar de kwaliteitsmjitstêven dy't dêroan steld wurde.<sup>7</sup> Desintralisaasje fan de keardoelen Frysk mei dy transparânsje fan de doelen fan it ûnderwiis foar it parlemint net yn 't paad stean.

De foegen fan Fryslân sille wy as folget foarmjaan: de provinsje kriget it foech om op eigen inisjatyf keardoelen foar it fak Frysk op te stellen. De betingsten dy't hjirboppe beskreaun binne, foarmje dêrfoar it ramt. Deputearre Steaten fan Fryslân stelle de keardoelen foar it Frysk fêst, net earder as nei't bliken dien hat dat de minister fan OCW dermei ynstimme kin. Dêrby toetst de minister oan de betingsten dy't hjirboppe oanjûn binne. As der ferskil fan ynsjoch bestiet oer it foldwaan oan dy betingsten fan de nije keardoelen, sil de Underwiisried troch de minister om advys frege wurde.

#### *Rapportaaazje ûnderwiisynspeksje*

De stjoergroep-Hoekstra jout oan dat by desintralisaasje fan it opstellen fan keardoelen foar it fak Frysk heart, dat de provinsje ek de ynspeksjerapporten kriget oer de kwaliteit fan it ûnderwiis fan it fak Frysk.

Ek dat sille wy ôfprate: de ynspeksje rapportearret oer it fak Frysk parallel oan de minister fan Underwiis en foar ynformaasje oan de provinsje Fryslân. De minister fan Underwiis en by eintsjebeslút it parlemint bliuwe ferantwurdlik foar de kwaliteit fan it ûnderwiis (dêrûnder begrepen de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Fryske taal en kultuer). Dy ôfspraak sil bekrêftige wurde yn de bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer, dy't yn 2011 op 'en nij fêststeld wurde sil.

#### *Parsjele ûntheffing*

Yn it rapport Hoekstra wurdt de mooglikheid fan parsjele ûntheffing fan keardoelen Frysk beskreaun. Skoallen binne by in parsjele ûntheffing frijsteld fan guon keardoelen foar it Frysk, mar net fan allegear. Se moatte bygelyks wol lesjaan yn de mûnlinge behearsking fan it Frysk, mar net yn it skriuwen derfan. It prinsipe fan de parsjele ûntheffing sille wy posityf bejegenje. Mear differinsjaasje yn ûntheffingen kin derfoar soargje dat de ûntheffing better oanslút by de skoalsituaasje en de populaasje fan de skoalle.

---

<sup>7</sup> Sjoch dêrfoar Keamerstikken II gearkomsteyier 2007-2008, 31007, nû. 6, side 143 en fierder.

De juridyske útwurking sille wy sekuer en mei soarch oppakke. De provinsje wurdt troch de minister fan OCW frege om yn oerlis mei it ûnderwiisfjild kritearia op te stellen foar it ferlienen fan parsjele en yntegrale ûntheffing, dy't op in ridlik draachflak rekkenje kinne by de skoallen. Ut de stelsel­ferantwurdlikheid wei sil de minister fan OCW de útstelde ûntheffingskritearia goedkarre. By ferskil fan ynsjoch of by ôfwikende opfettingen oer de kritearia sil de Underwiisried om advys frege wurde. Dat advys is iepenbier.

De ynspeksje ferwiist yn syn rapport nei it belang fan draachflak foar it fak Frysk om kwalitatyf ûnderwiis leverje te kinnen.

Boppedat moat it ûntheffingsbelied fan de provinsje op oarder wêze. As lêste binne it beheinen fan administrative lêsten foar skoallen en it optimalisearjen fan transparânsje foar it parlemint oer de eintermen dy't jilde foar de Fryske skoallen fan grut belang by de juridyske útwurking fan de parsjele ûntheffing.

#### *Wetswiziging*

Wy sjogge, mei it yn acht nimmen fan boppeneamde betingsten, foldwaande mooglikheden om mei desintralisaasje fan de keardoelen fan it fak Frysk de romte foar de provinsje Fryslân te fergrutsjen.

Wy sille dit jier in wetswiziging taryede ynhâldende dat it foech om keardoelen Frysk te feroarjen by de provinsje Fryslân komme sil te lizzen.

De provinsje kriget dêrby dus it foartou en de rezjyrol om, as dat nedich achte wurdt, nije keardoelen op te stellen, yn konstruktyf oerlis mei de minister fan OCW. By dy wetswiziging sille wy de betingsten dy't neamd binne, in plak jaan. Deputearre Steaten fan Fryslân stelle de keardoelen fêst, net earder as nei't bliken dien hat dat de minister fan OCW út har stelsel­ferantwurdlikheid wei ynstimme kin mei de útstelde keardoelen.

By ferskil fan ynsjoch of by ôfwikende opfettingen oer bygelyks de garânsjes en betingsten, sil de Underwiisried om advys frege wurde. Dat advys is iepenbier.

Yn de wetswiziging sil ek it prinsipe fan de parsjele ûntheffing ferwurke wurde, dêrby ynbegrepen de foldwaande garânsjes lykas hjirboppe beskreaun.

#### *Beropsûnderwiis*

Foar it beropsûnderwiis en de folwoeksene-edukaasje bepleitet de stjoergroep Hoekstra trouwens om de eintermen foar it Frysk, foar opliedingen dêr't de taal by fan belang is, fêst te stellen yn in ministeriële regeling. Lykwols, foar de Fryske taal is altyd romte yn de 'frije romte' fan in beropsoplieding. Krekt om per regio ûnderskate aksinten lizze te kinnen by it foarmjaan fan in beropsoplieding. Wy litte dy romte foar eigen ynrjochting fan it ûnderwiis graach oan de opliedingen sels. De provinsje Fryslân kin, as er dat nedich achtet, it inisjatyf nimme om ôfspraken te meitsjen mei regionale ûnderwiisinstellingen en it bedriuwslibben oer it fak 'Frysk' yn beropsopliedingen.

#### **§4. Mei-inoar foar it Frysk**

Konkludearjend: mei-inoar moatte wy oan de slach om it ûnderwiis fan it Frysk te ferbetterjen. Dêrfoar sille wy de provinsje stypje mei ynvestearringen yn de kwaliteit fan it ûnderwiis.

De Friezen jouwe wy de maksimale romte om harren ferantwurdlikheid foar it Fryske ûnderwiis te dragen. Dat sille wy regelje troch in wetswiziging fan de nedige ûnderwiiswetten. Dy wetswiziging sil yn de rin fan 2011 yn prosedure

brocht wurde. It ferwurkjen dêrfan yn in nije Taalwet, dy't neamd wurdt yn it regearakkoart, is dan net mear nedich.

Fryslân kin dan it inisjatyf nimme om de keardoelen oan te passen oan de eigen opfettingen oer de eindoelen foar it fak Frysk. Dêrneist kriget Fryslân de romte om yn syn ûntheffingsbelied maatwurk te leverjen oan skoallen. By beide wetswizigingen wurdt rekken holden mei foldwaande garânsjes.

Foar de Fryske skoallen, foar de skoalbestjoeren en foar ús is it helder dat de prioriteit by de kwaliteit fan it ûnderwiis leit. Foar de provinsje Fryslân makket it fak Frysk dêr in yntegraal ûnderdiel fan út. Sa fersterkje it belied fan de provinsje oangeande it Frysk en it algemiene ûnderwiisbelied fan it Ryk elkoar oer en wer, lykas ek yn 2001 yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer ôfpraat is.

Dit kabinet hat de ambysje om de latte yn alle ûnderwiissektoaren heger te lizzen. Alle learlingen hawwe rjocht op ûnderwiis dat it bêste út harren hellet, ek foar it Frysk.

de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip,

Marja van Bijsterveldt-Vliegenthart

de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

J.P.H. Donner